

NIJS Multyfunktjoneel Terrein Easterein



Easterein, 19 oktober 2011

Achte lêzers,

De wurkgroep MFT is útein setten mei it **sels- en frijwilligerswurk** foar it lytse parkearterrein by de yngong fan sportpark De Skoalleseize.

It parkearterrein sil yn it ramt fan it projekt Multyfunktjoneel Terrein Stitterserleane op nij ynrjochte wurde. De oanpak sil barre yn twa kear, earst de iene helte (by it yntreehokje) en dan de oare helte om sa min mooglik hinder te jaan foar de besikers fan de sportfjilden.

Wat sil der barre?

It hiele terrein sil op nij bestraten wurde wêrby beide dielen sa flak mooglik komme te lizzen sa't der better gebrûk makke wurde fan it terrein by bygelyks de Oranjefeesten. Mar ek kin it terrein dan brûkt wurde foar bygelyks strjitfuotbal foar de (lytsere) fuotbaljeugd.

En fansels om it gehiel tusken sporthal de Greidhoeke en de tennisfjilden oan de iene kant en sportpark De Skoalleseize oan de oare kant der wer KREAS út sjen te litten! Ek wurde der in oantal ekstra fasilititeiten (wetterlieding en stroom) oanlein.

Alle struken binne yntusken ferwidere fan it parkearterrein. Tusken de beide terreinen bliuwe de beamen stean en der sil ek bestrating omhinne komme. Yn de perken by de dyk (Stittenserleane) komme nije struken.

De ynvalideparkearplakken sille ferpleatst wurde nei de earste twa plakken fan it parkearterrein tsjinoer de sporthal. Sa stiet men dan tichter by de sporthal en by de sportfjilden.

Wannear sil it barre?

Fan **22 oktober 2011 oante mei 29 oktober 2011** wurdt it **EARSTE** diel fan it terrein oanpakt. Alle tariedings foar it bestraten fine plak oante mei 28 oktober.

Op **sneon 29 oktober** sil de bestrating der wer yn lein wurde.

Fan **31 oktober 2011 oante mei 4 novimber 2011** wurdt it **TWADDE** diel fan it terrein oanpakt.

Alle tariedings foar it bestraten fine plak oante mei 4 novimber.

Op **sneon 5 novimber** sil de bestrating der wer yn lein wurde.

Wat foar hinder is der dan?

22 oktober is der lytse hinder en kin men de tagong fan de Skoalleseize noch berikke

28 en 29 oktober is it HIELE parkearterrein sluten!

4 en 5 novimber is it HIELE parkearterrein sluten!

*Der oare yngongen fan De Skoalleseize kinne dan wol brûkt wurde.
Yngong oan 't Heechhiem as oan it ein fan de Stittenserleane de efteryngong fanôf it nije asfaltterrein*

Wurkgroep MFT

It MFT sels is sa goed as klear!



NO 'lytse' parkearterrein noch!

